

Us Fryske Taal

60% fan de Fryske befolking praat Frysk. En as immen Frysk praat dan tinkt der ek yn it Frysk. En dat is wêr't om it giet. Dat in lyts part ús taal skriuwt en lêst is spitich en is ek de oarsaak dat it Frysk yn ús provinsje altyd in punt fan diskusje is. Wy binne net grutsk op ús taal. En dat hat syn reden. Wa't hat it net meimakke, dat yn meetings mei minsken út it westen wy ús de mindere fielden. Sy wiene sa rap yn harren wurden. Wa is yn 'e militêre tsjinst net ferbettere op syn útspraken. Wy fielden ús faak de mindere en wy skammen ús dêrfoar. Ik wit noch bêst, doe't ik as fertsjintwurdiger yn it Westen arbeide, ik nei in wykein by myn âlders, nei pas in heale dei wer it tempo hie om myn wurk goed te dwaan.

En dat sil ek wol de reden wêze dat in bulte âlders harren bern besykje grut te bringen yn it Hollânsk . Faak mei it argumint: “ Oan de oare kant Wolvegea kinst der neat mear mei. “

No hat it Frysk pas fyftich jierren it omtinken fan de Fryske oerheden en dat hat al hiel wat yn beweging brocht. Dêrneist hat de Fryske Omrop hiel wat foar it Frysk betsjutten en noch, op betinkst dat de Friezen harren taal heech hâlde. En dat is no krekt wat in bulte Friezen net dogge en harren realisearre.

Wy libje hjoed-de-dei yn Europa en dêr is it Nederlânsk ek in minderheidstaal oan it wurden. Maastricht foarby is ek it Nederlânsk net mear te brûken. Ingelsk sil de fiertaal wurde. (Foar Friezen aardich ticht by harren memmetaal.) En wêr finne jo dan de minsken dy't jo fersteane en begripe? Yn jo eigen memmetaal: it Frysk. Dus alle minsken, dy't it Frysk sprekke soene it Frysk ek lêze en skriuwe moatte. Dan giet der in wrâld foar harren iepen. It kostet wat ynspanning mar it is de muoite wurdich en jo sille dan echt grutsk wurde op jo eigen taal.

It Idoal

Us lân is yn 'e war, en dat utert him troch ferskate saken. De tolerânsje is net grut mear. Foar it minste of geringste wurde minsken skeind of dea makke. Eltsenien is mei syn eigen belangen dwaande en sjocht amper mear nei de problemen fan in oar. Wylst wij elkoar sa nedich binne. No freget elkenien him ôf hoe 't dat kin en wat wij dêr oan dwaan moatte. Binne wij it sels, dy't dizze maatskippij sa makke hawwe? Komt it troch de nije boargers út oare kultueren? Kinne wy der net mei omgean dat minsken oare noarmen en wearden oanhingje dat uzes net binne? Witte wij sels noch wol wat noarmen en wearden foar ús betsjutte?

Allegearre fragen, dêr't alle minsken hjoed de dei mei wrakselje.

Dochs binne der symptomen, dy't wol oanjouwe dat yn ús minsken de lêste desennia in bulte feroare is troch de wolfeart. It leauwen yn God is lytser wurden en it leauwen yn de Mammon grutter. Alles draait om it jild as heechste doel en genot. En hoe faak is der net spul as der jild oan de oarder is. It tal abbekaten (seis kear safolle as 50 jier lyn) jout wol oan dat it tal kwestjes tusken boargers heech is.

No binne wij as minsken tige ûnwis. We wolle ús spegelje oan oaren. Wiene dat foarhinne de minsken mei jild, in moai hûs of in auto, no moatte wy in idoal hawwe om ús oan op te lûken.

Tsjinwurdich hâlde wij ferskate ferkiezings foar de bêste man of frou fan de ieu, fan in stêd, fan in film, as sjonger en sa wat hinne.

Ut alles docht bliken dat de minske in foarbyld hawwe moat om him steande te hâlden. Nim no de ferkiezing fan de bêste Ljouwerter. Fjouwerhûndert minsken hawwe harren stim útbrocht. Pieter J. Troelstra is de winner wurden. It wie in man

mei in missy, mar wie er better as Mata Hari? Hij hie oare kwaliteiten, mar wie er dêrom better? Absolút net. En wat docht it minsdom mei dizze wiisheid? Wurdt men der better fan as minske, folgje wij de winner nei? Of longerje wij dochs nei hegere doelen?

Wij libje de kommende wiken nei de Krystdagen ta. It bern dat 2000 jierren lyn ta ús kommen is, is wol folslein. Better idaal is der net.

De Soarchfersekering.

Us hjoeddeistich regear hat wol wat te folle hea op 'e foarke nommen mei al dy feroarings op it mêd fan sosjale wetten. Benammen as saken noch net dúdlik binne. Soarchynstellings besykje maatregels te nimmen om, as it regear nije wetten oannimt, klear te wêzen en winst te meitsjen. Troch fúzjes bliuwe der noch mar in pear oer, dy't straks de tsjinst út meitsje. Bygelyks ûnder de flagge fan Achmea sitte al fjouwer aanbieders en sa is it ek mei de Amersfoortse. Jo kinne de televyzje net oan sette oft de iene of de oare soarchfersekeringsman freget jo oer te stappen om't harren fersekering goedkeaper is. Binne jo jong en hawwe jo gjin krupsje dan kinne jo foar in pear euros in fersekering ôfslute. Binne jo oer de sechtich dan kinne jo by nimmen terjochte, dan hearre jo ta de doelgroep mei de heechste kosten en binne jo net ynteressant, der is neat oan jo te fertsjinjen. De sûne jongerein profitearret fan in lege preemje oant..... sy ek krupsje krije. Solidariteit is der net mear. Wat de âlderen yn it ferline opboud hawwe is net mear relevant, elkenien moat no foar himsels soargje. En it wurd noch slimmer. De sikehuzen moatte konkurrearje mei it gefolch dat de fersekeringsman siket om de goedkeapste aanbieder. Der wurde dan kontrakten sletten foar tal fan operaasjes, sadat net jo útmeitsje troch wa en wêr 't jo holpen wurde, mar dat de fersekeringsman dat útmakket. Dat kin Ljouwert wêze foar in nije knibbel en Drachten foar oan 'e mage. Wolle jo dat net dan sille jo sels bybetelje moatte. Soarch oanbiede wurdt dus business. Foar de pasjint jout dit allinnich mar lijen. En moat dit no sa? Wrachtich net as wy dat net wolle!! As it regear de prizen fêststelt foar de sikehuzen dan is it hantsjebakken oer kinne hja oergean nei it ferlienen fan echte

soarch. Dêr moatte alle âlderen har foar ynsette - alle en dat binne fjouwer miljoen.

Dy macht kin der ta liede dat de âlderen yn 2006 harren winsken ôftwinge kinne. Yn dat jier sille, sa it der no hinne leit, elkenien it selde bedrach foar de syktefersekering betelje moatte. Kollektive ôfspraken, lyk as dy no troch bedriuwen makke wurde, kinne dan de âlderen ek ôfslute mits hja oansletten binne by in âlderenbûn.

In tripke nei Twente

Sa oan de ein fan it jier oertinke jo faak de alderhanne saken, dy't bard binne yn 2009. Ien fan dy dingen wie in fakânsjetripke nei Twinte. Doe't ik de foto's wer seach kamen de bylden wer nei boppe. De lêste jierren geane wy fakentiids in pear dagen nei in gebiet, wêr't wy dan wat langer binne en nij foar ús is, om alles wat better te besjen. No hawwe wy beide in suster, dy't allinnich is en dy geane dan mei. Ik bin dan de sjauffeur en de dames hawwe in protte wille en kinne dan alle famylje perikelen op harren gemak trochnimme en yntusken genietsje fan it lânskip, dat faak foar harren hiel nij is.

Dit jier wie Twinte oan bar. We soene ús del jaan yn Ootmarsum, in pleats mei in protte galarys mei ferskate foarmen fan keunst. Alle sneinen binne yn de middei der in protte minsken te finen. It is der hiel gesellich. Grutwinkelbedriuwen binne der net en op de strjitten is rûnom keunst. Jo hawwe suver de hiele dei wol wurk om alles te besjen.

Op in woansdeitemoarn binne wy ôfsetten nei Coevorden. De histoarje fan Coevorden koene wy besjen yn it museum. Nei de kofje troch Dútslân nei Ootmarsum, wêr't wy yn de neimiddei oankamen yn Hotel Wyllandrie, prachtich lizzend op in hichte yn it lânskip. In hiel moai famyljehotel mei in húslike sfear. It praat fan de dames wie net fan 'e loft. Sy fielden harren der tige thús.

Nei in goede nacht hawwe wy de tongersdei de hiele dei yn Ootmarsum omslein om te snuven oan de keunst en it besyk oan tsjerken. Dêr wie in grutte katolike tsjerke fan foar de reformaasje en dat is frjemd. Yn Fryslân binne wol grutte katolike tsjerken, mar allegearre boud nei de reformaasje. Der wie wol in herfoarme tsjerke út 1801. En dan wurde jo

nijsgjirrich en wat blik Napooleon hat hjirre de hân yn hân. By in dekreet, yn oerlis mei de Paus, krigen, dêr wêr, de katolike mienskip it grutst wie, harren âlde tsjerke werom. De oare deis wiene we yn Denekamp en dêr wie it kreksa.

We hawwe alle fjouwer in pear moaie dagen hân en it takommende jier geane wy wer. Wêrhinne? Dat hearre jim letter.

It Krystmiel

Hawwe jo mei de Krystdagen ek foar € 3,-- jo Krystmiel klear meitsje kinnen. Neffens Gerda Verburg fan it CDA soe dit ienfâldich te dwaan wêze en it is noch lekker ek. Jo nimme in bonkerec fan in hin foar in pear dûbeltsjes en der meitsje jo sop fan. Foar it haadgerjocht kapsiners mei guodkeap spek en sipels en as neigesetsje grysmoalpudding mei in lik jam. Ën dat is neffens har in sûn en lekker meal.

Dit bedrach fan € 3,- krije jo elke moanne as ekstra ferheging fan jo AOW. Dat hat it regear besletten om de lêsten fan de AOW-er wat te ferlichtsjen. Mear sit der net yn.

Dat alles djoerder wurdt dit jier dat komt troch de besunigings; der komme wy net foar wei.

It betsjut wol dat in AOW-er eltse moanne mear betelje moat. Bygelyks foar: enerzjy (gas en ljocht), gemeentelike en wetterskiplêsten, syktefersekering en gean sa noch wat troch. En dan stekt dy € 3,-- der wol hiel min by ôf. It is noch minder dan in foai. Wat tinke se dochs goed om ús.

No moat dat jild earne wei komme. We kinne dy minsken mei sa'n lyts ynkommen dochs net ferkommerje litte en dêrom hawwe se betocht om de leanbelesting, út solidariteit, mar wat te ferheegjen . En wa moatte dat dan opbringe?: de middenynkommens. Krekt en dêr falle de keamerleden net ûnder. Oft dy ek foar € 3,-- iten hawwe mei Krysttiid, dêroer haw ik myn twifels. Se hawwe noch wol in goede rie: Klopje oan by jo gemeente. Dêr is jild as jo der net fan komme kinne. It CDA bûcht te folle nei rjochts en dat sille se witte yn 2006.

De moaiste Krystdei

Sjoukje de Wit siet rêstich yn har stoel te lêzen. De frijwilligers yn it Soarchsintrum wiene drok dwaande mei de krystfersierings. Moaie krystbeammen hiene se krigen fan de keapman, dy't fuortbij it sintrum in goede deihier fertsjinne hie. Elkenien wie dwaande. Ek de ynweners waarden net fergetten. Sûkelademolke mei in krystkoekje wie der foar om yn de stimming te kommen. Moarn soe it Krysttiid wêze. Betty brocht ek Sjoukje har kopke drinken en seach har ris oan. It wie net de fleurige pasjint fan altiten. Betty seach triennen yn har eagen. Wat soe der wêze mei har? Se wie no tachtich jier en komselden hie se in min sin. Der is wat mei har. Mar wat? Net folle minsken witte wat har dwers sit. Yn de jierren santich wie har mem stoarn op de dei foar de Krysttiid. It wie al sa lang lyn mar dochs hie it har op sa'n dei altyd yn de besnijing. Net allinnich omdat har mem doe stoarn wie, mar troch in lyts foarfal, om neat eigentlik, hie se doe spul krigen mei har ienige broer Sjaak.

Sjaak is no 75 jier, mar sûnt de rûzje, en dat op de begraffenis fan har mem, hawwe se elkoar net mear troffen. Elk jier op dizze dei hie se gjin wille en ferwyt se harsels de dingen, dy't se doe sein hat. Betty koe dat net witte mar oerlei mei it haad fan de ôfdieling wat se dwaan koe en fernim nei de eftergrûnen fan frou de Wit, omdat se noch net sa lang yn it fersoargingsintrum arbeidde. It haad fertelde dat se út Waaksens kaam en gjin famylje mear hie allinnich noch in broer, dy't sy ek net koe. Betty liet dat yn har omgean en it stie har bij, dat har peetmuoike nei de dea fan har man in nije kunde krigen hie en sa't it har heuchde wie dat in de Wit. Se liet der gjin gers oer groeie en skille har muoike. Betty fertelde wat har oerkommen wie en it die bliken sa te wêzen. Har muoike

sei har ta dat se tegearre, mei har man Sjaak de 1^e Krystdei oer komme soene, foar in besite oan Sjoukje.

It is foar Sjoukje de moaiste Krysttiid sûnt jierren wurden.

Drugs

Doe't ik tsien jier waard - it wie it jier fan de ynfal fan de Dútsers yn ús lân - krige ik myn earste pakje sigaretten. It wie doe hiel normaal dat jongfeinten al smookten. Famkes smookten net.

Dat koe net en hielendal net bûtendoar. Dat wie allinnich manljuswurk. Nimmen seach der frjemd fan op. It wie in pakje "fifty-fifty", san giel pakje. No hat ús heit dêr it measte fan opsmookt. Hy woe de algemiene miening net geweld oan dwaan en hie myn fersyk ynwillige, mar mij net bot oantrune. Dat wie foar ús de earste drug dêr't wy mei yn 'e kunde kamen. Myn hiele libben haw ik smookt mar mei oerlis. Doe't ik mei pensjoen gong haw ik de piip oan Marten joen en bin ik stoppe. Wy witte no wat smoken foar in mins betsjut troch foarljochting betelle út de belesting op tabak.

Underwylst is neist tabak en alkohol in skala oan produkten kommen, dy't ferslaavjend binne mar allegearre yllegaal. Elkenien wit wol dat dit in oanslach betsjut op de folkssûnens, mar trochdat it yn it swarte sirkwy ferhandele wurdt kin de maatskippij it troch foarljochting net bestride, dêr is gjin jild foar.

Der geane miljarden yn dy hannel om en de plysje kin allinnich mar opromje en der is dan de helte fan it korps mei dwaande. Dat er no en yn de takomst in bulte minsken oer de kling jage wurde troch dy smoarge binde dat sil pas letter bliken dwaan krekt as mei it smoken fan tabak.

No wurdt oer it produkt wyt mannich stik skreaun en yn 'e krante fernimme jo alle dagen dat der in wytplantaazje ûntmantele wurdt. Sels yn sealen Schaaf. No krijt de oerheid noch mear te dwaan want ta myn grutte fernuvering waard der yn Utert in beurs hâlden, dêr't alles te keap wie foar de